


19-3-88?

'TSKIEPPE~ STURTSJE



doarpskrante fan tsjerkwert e.o.

REDAKSJE:	Ineke Feenstra-Sijbesma,	tel.	9277
	Sytske Dijkstra-Bouwhuis,	,,	2968
	Richtsje Speerstra-Bakker,	,,	2635
	Rients van Buren,	,,	9280

TYPE- EN STENCILWURK: Thea Dam-Ruiter.

OMSLACH: Albert van Lingen jr., Wergea.

REDAKSJE-ADRES: Ineke Feenstra, Singel 2,
8765 LL Tsjerkwert.

BANKRELAASJE: Rabobank Bolsward; gironr. 856.829 t.n.v.
Rabobank Bolsward, reknr. 3087.56.800
t.g.v. It Skieppesturtsje Tsjerkwert.

FOARWURD:

Foar jo leit it 3de "Skieppesturtsje" fan 1988.
It earste krantsje súnder Jan Dijkstra, geastlike heit
en haadredakteur fan ús doarpskrante. Man fan it earste
oere! Néi 12½ jier fún er it tiid om op te stappen.
Wy as oerbliuwers, wiene suver earst wat de kluts kwyt!
De ploech optrommelje foar de gearkomste, Jan die it!
Omslaggen bestelle, adreslabels komme litte, Jan die it!
Mar no die Jan neat!!!

Yn al dy jierren is der hiel wat wurk fersetten; yn't
besúnder by de start moasten de skouders der únder en
moast eltsenien stimulearre wurde om kopy yn te leverjen.
Troch de jierren is "It Skieppesturtsje" útgroeid ta wat
it no is. Jan hie der lykwols noch in funksje by: Skiepp-
sturtútrikker.....Dat die er op syn eigen ûnferfangbere
wize.

Ek wie hy de keunst fan it lotterjen machtich.

Mar der is in siswize: "Der is nimmen ûnmisber", en sa sil it no ek wol wêze. Jan, tank foar dyn ynset!

Wy binne drok dwaande om in nije man of frou te sykjen om ús gelederen te fersterkjen. Profylskets: rap mei pen en mûle en hy/sy moat wol ferstân ha fan lotterjen.

As der nijs fan it front is litte wy it jimme sa gau mooglik witte.

Ineke Feenstra draait ek al wer mei. Se knapt aardich op, wêr't we tige bliid om binne.

Noch mar wat genietsje
fan it moaie waar, út
en troch ris in eintsje
rinne of fytse op ús
nije fytspaad en do
silst al gau wer de
âlde wêze, Ineke!?

Jan hat no fansels ek
moai tiid te fytsen;
oan it fytspaad hoecht it dus net te lizzen. Freed, 3 juny,
de middeis om twa oere waard it nije fytspaad, neamd "De
Trekdyk", offisjeel iepene. Boargemaster Abma fan
Wünseradiel, vrou M. v.d. Werf lokoboargemaster fan
Boalsert, van der Meer, boargemaster fan Nijefurd en dhr.
Noordmans fan wetterskip "It Marnelân", fytsten it hiele
nije paad del om yn Tsjerkwert mei in hoeraatsje troch it
lint te fytsen. Se hiene in dûbele taak; ek de iisbaan
moast iepene wurde. Hawar, mear hjiroer kinne jimme fierder-
op yn dit krantsje lêze. We moatte elkoar it gers net foar
de fuotten wei meane.

Sa giet de tiid yn drokte foarby. It is in spannende tiid
foar alle eksamenkandidaten. As dizze krante ferskynt ha
de meisten al of net in telefoantsje hân. Wy hoopje foar
elk op in goede útslach!

Sa súntsjes oan binne der al wer minsken, dy't der in pear
dagen tusken út knipe; oearen kalfaterje karavan, auto,
boat of fyts op, om mei te dwaan aan de jierlikse folks-
ferhuzing, dy't fakânsje hjit.

Wy winskje elkenien in protte fertier. Bliuwe jo thús,
ferjit dan ús eigen kuier-en fytspaad net.

Jou jo mar ris del op ien fan de bankjes oan dizze paden
en genietsje fan wat ús eigen "bêste lân fan ierde" te
bieden hat.

Waling Dijkstra brocht it under wurden:

SIMMERMOARN

Wat bisto leaflik,
rizende simmermoarn!
't Opgeande sintsje
laket my oan.
't Hoantsje kraait
kukelù
't Doke ropt:rükükù!
Ik wol ek sjonge
Fleurich fan toan.



Alles wat libbet
docht der no sines by:
Fôltsjes ek kealtsjes,
hynders en kij;
Guoskes, dy snetterje,
skiepkes, dy't bletterje,
lamkes, dy springe,
nuvere blij.

't Ljurkje yn'e wolken,
de eintsjes yn't lizich wiet,
moskjes en sweltsjes,
elts sjongt syn liet;
De ear'barren klapperje,
lijipkes wjukwapperje
skries op'e hikke,
ropt: grito-griet!



'k Woe foar gjin gûne
dat 'k hjir te sliepen
lei, 't is my sa noflik
ier op'e dei.
Protters, dy tsjotterje,
de eksters, dy skatterje,
Alles is fleurich:
Ik bin it mei.



Rixt Speerstra.

BERICHTEN VAN DE DORPSOMROEPPER:

Ditmaal had ik voor u in deze 61ste bijdrage het volgende opgetekend:

Voor eerst bericht ik u als lezer, dat op donderdag 4 aug. a.s. het kampioenschap van Nederland voor stads- en dorpsomroepers zal worden gehouden in Sneek.

Met gedane en nog te maken afspraken kunt u alvast rekening houden!

Het 3de net.

Televisie is een belangrijk gegeven in onze samenleving geworden en de discussies over welke rol het medium speelt, zal wel een blijvende zijn. Televisie is nu eenmaal een massamedium, dat de samenleving beïnvloed.



Terwijl het volk oftewel de kijker inmiddels het figuurzagen heeft verleerd en nauwelijks nog bouwplaten in de handel zijn, die 's avonds door het hele gezin in elkaar kunnen worden gezet. Vincent van Gogh, die in 1885 de aardappeleters schilderde, nog eens om de hoek kon kijken in verschillende huiskamers in de avonduren, dan zou hij misschien de eters van chips, wokkels en hoe de krakerige eetwaar ook mag heten, schilderen.

Ja beste lezers tijden hebben eenmaal tijden.

Den Haag-vandaag-gisteren en morgen-

Hoe men het ook wend of keert de H.H. bestuurders van ons land zijn nu eenmaal reislustig. Ik had allang gedacht, dat ze eens de hand in eigen boezum zouden steken, wat hier ten lande nog te verbeteren valt en niet steeds daar gingen kijken (in het buitenland) waar zij niets te zoeken

hebben, behalve vakantie vertier.

Er is bij dit alles één troost, voor de volgende verkiezing in het jaar 1990, kan men zich uitspreken hoe men dit beleid heeft ervaren!

En wat dacht u van het zoete leven van de E.G.-top.

De wijze waarop de top van de Europese Gemeenschap ons belastinggeld laat stromen onvoorstelbaar: vél geld, zon en snoepreizen.

Gysbert Japiks zei het eerstijds al: "Wij leven nu eenmaal in een bezeten wereld en wij weten het!"

De paden op de lanen in!

De 17de eeuwse filosoof Pascal, die destijds schreef, dat de ganse oorzaak van 's mensen ongeluk is, dat hij niet rustig thuis kan blijven, gaat in onze tijd allang niet meer op. Integendeel en maar goed ook, om reden, dat bedrijvigheid nu eenmaal leidt tot bedrijvigheid.

Bovenal moet het zorgelijke verlies van de laatste jaren van arbeidsplaatsen, vooral in de landbouw door een nieuwe impuls worden opgevangen. Veel mensen zijn al weer onderweg. Meer dan ooit is het van groot belang in onze regio, waar toeristen komen, wordt door hun geld uitgegeven.

Op de Ald Fears Erfroute en andere bezienswaardigheden, rijden de touringcars al weer op en aan om zich later weer te verspreiden in de wijde omgeving.


En dan het merenplan van eerstijds, dat volgens mensen, en die weten, waar ze over praten, vast en zeker moet doorgaan.

Commissaris H. Wiegel zei het al in zijn laatste nieuwjaars toespraak, dat Friesland zich meer op de watersport moet gaan richten.

De meimaand, waar in alles weer groiede en bloeide en steeds weer boeide. Op de 26ste een dag dat de temperatuur steeg tot 26.5°C.

En deze meimaand ging als volgt aan mij voorbij:

Op de 5de mei maakte ik in het middaguur een rondgang door de winkelstraten van Meppel. In de avonduren liet ik de bel in Steenwijk flink horen, daar was het koopavond. In deze twee plaatsen, waar de volgende dag de grootste koffietafel stond opgesteld en een lengte als nooit te voren bereikte van 2km in Steenwijk.



Op de 19de mei maakte ik een rondgang langs Jongemastr., Broereplein en Snekerpoort, vanwege de opening van Kooistra's lektuurhal en bloemboetiek. Twee dagen later deed ik mee aan de kampioenschappen van Noord-West Overijssel voor stads- en dorpsomroepers te Blokzijl, waar ik eindigde bij de eerste drie.....maar dan wel van onderen af.

Helaas het zij zo. Aantal deelnemers negen.

Op tweede pinksterdag, begaf ik mij als 'zwartrijder' (dat was dan ook te zien) tussen de pedaleurs en verliet onder de vrolijke tonen van de stedelijke fanfare 'Oranje' om zeven uur de oude Hanzestad Bolsward, op naar de dorpen van het traject en waar ze de bel goed hebben kunnen horen en waar ik zoals in Schettens, Witmarsum, Arum en Achlum, ook voor opdrachtgevers eertijds, hun boodschappen had omgeroepen.

Zo nadere ik de stad van de 'Oude Seunen' en vervolgens richting de voormalige academie-stad Franeker.

Tussen Herbayum en Franeker dronk ik koffie bij wel zeer sociaal bewogen lieden, die mij aanriepen, of ik trek in koffie had.

Na dit kleine oponthoud, toog ik dankbaar op naar Franeker, waar ik mijn eigengemaakte stempelkaart liet afstempelen, dit was bij het bejaardencentrum Statenoord a/d Pr. Beatrixstr. 1. Hier was veel publiek aanwezig. Ook de keurige bejaardenhulpers in witte uniformen, die ik vroeg of ze misschien een massage diploma in hun zak hadden en zo goedwillig zouden willen zijn, mij een massage te geven. Dit ging niet door, maar wel werd mij koffie aangeboden door de vriendelijke kok van het huis.

Vanwege verplichtingen op de Ald Faers Erfroute deze dag, verliet ik het peleton aldaar, na eerst nog vele pedaleurs de beste wensen mee te hebben gegeven richting Dokkum.

Op donderdag de 26ste mei, maakte ik in een rondgang door Tjerkwerd, Arkum en Dedgum, om de al meer dan 35 jarige fouragehandel van de fam. Gietema, aan te prijzen op de



twee open-dagen aan de Hemdijk.

Ook in deze bijdrage pleit ik wederom met de oude Prediker voor bescheidenheid. Ditmaal met de woorden van Robert Hartman, die eertijds het volgende zei:

"Met eerzucht is het als met zout water, hoe meer men ervan drinkt, hoe dorstiger men wordt."

Joost van de Vondel formuleerde het zo:

"Wie zijn geluk niet kent leeft ongelukkig in rijk bezit."

Wederom van huis tot huis de

hartelijke groeten van de dorpsomroeper.



KENINGINNEDEI 1988

Moarns lette Freark Schakel de dei yn en it muzyk gong troch de buorren.

Yn it tintsje op it fjild stie de kofje al klear.

Der stiene dy dei sporten en spultsjes op it program. Senioren- en jeugdkeatsen, volleybaljen en spultsjes foar skoalbern.

De middeis wie der in trekkerbehindichheids-wedstriid.

Der wiene 15 dielnimmers. It wie werris wat oars.

Foar guon wie it in toer, want de melkbus foel gauris om en dat kost punten.

De jüns wie der in guozzebrief troch ús doarp. In protte fragen en ek spultsjes. Der wiene in protte dielnimmers; prachtich!

Nei ófrin koe der dünse wurde op'e muzyk fan de "Mixers".


Dér wienen net in soart minsken en dat wie jammer.

Mar al mei al wie it in slagge dei, want ek de sinne liet ús net yn'e steek.

Utslagen fan sport en spultsjes:

Guozzebrief: 1e priis - Jehannes Dijkstra

2e " - Jaap van Lingen




3e priis - Jés Falkena

Spultjes foar de bern:

- | | |
|--------------|-----------------------------|
| Groep 1 en 2 | - Elts krike in presintsje. |
| Groep 3 | - Tineke Schukken |
| " 4 | - Gerrie Bakker |
| " 5 | - Nellie (T) Haarsma |
| " 6 | - Alex Draaisma |
| " 7 | - Matthijs Stel |
| " 8 | - Judith Falkena |

Jeugd-keatsen:

- | | |
|------------------------------|--|
| 1e priis - Tjeerd Haarsma | |
| Marijke Dijkstra | |
| Durk Ouderkerken | |
| 2e priis - Johan Ouderkerken | |
| Martine Hylkema | |
| Leon Falkena | |



Senioren-keatsen:

- | | |
|------------------------------|-------------------------|
| 1e priis - Thomas Burghgraef | 2e priis - Hein Gietema |
| Johan Gaastra | Anne H. de Boer |

Volleybaljen:

- | | |
|------------------|--|
| 1e priis: | |
| Jaap v. Lingen | |
| Wiebe Huitema | |
| Boukje Gietema | |
| Rinny Hiemstra | |
| Broer Burghgraef | |
| Sytske Dijkstra | |

- | | |
|-------------------|--|
| 2e priis: | |
| Cilia Huitema | |
| Janneke Gietema | |
| Nico Postma | |
| Bernhard Algra | |
| Jehannes Dijkstra | |
| Ieb Witteveen | |

Trekkerbehindichheids-wedstriid:

1e priis - Jelle Zijssling

2e prijs - Bertus R. Bakker

Eltsenien wurd tige tanke foar syn help en ynset.


Oant sjen,

it oranje fer. bestjoer.

IT PJUTTEHONK:

Jim kinne in ynformaasje-krantsje oer ús manier fan wurkjen aanfreegje by Jeanet Volbeda.

Se it te berikken op tel, nûmer 05157 - 2450.



EVEN VOORSTELLEN.....

In 'It Skieppesturtsje' nummer 2 stond de mededeling dat Allette en ik op 25 maart j.l. getrouwd zijn. Hoog tijd dus om me even nader voor te stellen.

Ik ben een echte stadsman die voor het eerst van z'n leven op een dorp is komen wonen. Ik moet zeggen dat het mij na 39 jaar stadsleven prima behaalt. Voor mijn werk moet ik nog wel elke dag naar Leeuwarden. Ik werk er als leraar aan een mavo.

Met mij meegekomen zijn Nienke, 11 jaar, en Mark, 10 jaar. Het bevalt hen ook prima in Tjerkwerd en in het nieuwe grote gezin. We beginnen met z'n zevenen al aardig op elkaar ingespeeld te raken en zullen ook in het dorp graag met iedereen op goede voet leven. Tenslotte wil ik u, ook namens Allette, hartelijk danken voor uw bijdrage, in welke vorm dan ook, aan ons huwelijksfeest.

Sytze Nauta
Sylroede 4


SLAGGE OAN'E MUZYKSKOALLE:

Piano-diploma A - Martine Hylkema

Piano-diploma C - Sioukje Hylkema

Diploma A cornet - Sjoerd Huisman

Diploma B cornet - Beitske Breeuwisma



OPBRINGST KOLLEKΤEN:

De opbringst foar de Hartstichting wie f 499,45.

De opbringst foar it Reade Krús wie f 472.25.

Eltsenien hertlik tank!

FERSLACH FAN IT REISKE:

Noch efkes wat oer it reiske fan ús Tsjerkwerters en Dedzjumers.

Om ien oere mei skitterend waar en in bést sin gongen 6 auto's mei 23 dielnimmers op nei it hêge noarden.

Nei in hap en in snap tusken fleurige greiden en stoffige bougrún giet it op nei Peasens Moddergat om it fiskershúske etc. te besjen.


Nei earst in bakje tee en wat ekstra's, waard der mei dia's en in tige ynteressante úteinsetting jún, oer it libben, it wark en it gefaar fan dit seefiskjen, wat mei de ramp fan 1880 ferskrikkelik swier west hat.

Dan noch efkes oer it waad sjen en doe gong it mei wat omriden oer Gietsjerk op nei Hurdegryp, wêr poer gesellich in slök en in hap iten soldaat makke is.

Wérnei it op nei hûs begong, en it reiske úteinlik by de fam. Gietema op'e Himdyk, syn ein fún.

Alles meielkoar in tige slagge en gesellige middei, dat seker it fuortsetten en alle hulde en tank aan de organisaasje wurdich is.

In dielnimmer.



B O A R G E R L I K E S T A N



* Meinte Galama en Karin Ypma ha

elkoar it ja-wurd jún op 25 maart.

* Op 14 juny krigen Aart van Weelden en Beppie

Aukema op Pytsjepôlle in jonge soan.

Hy hjit Sander. Lokwinske!

IT WALTAHUS:

Sa'n 15 jier stiet it Waltahús yn it sintrum fan ús doarp.

Us doarpshús hat altiten in wichtich plak ynnaam om ferieningen in noflik ënderdak te bieden.

It tal ferieningen wurdt net grutter en de aktiviteiten fan ënderskate ferieningen wurde minder besocht.

Us tinkt dat de saak yn

Tsjerkwert wat aan it deablieden is. De maklikste wei is: lit stjerre, wat stjerre wol. No, sa wol ús bestjoer eins net. We hawwe de seal opkreaze mei nije gerdinen, der binne termopene ruten kommen en dat ha we net dien om de saak ticht, út en kåld stean te litten. Wy hoopje, dat de doarpsgenoaten mei ús de skouders der ënder sette wolle. Yn oerlis mei de behearder sil it gebou yn it nije seizoen faker iepen wêze en ús bestjoer wol in earste oanset jaan:

1. Ien kear yn'e moanne wolle wy foar de jeugd in

disco-jún organisearje.

2. Der stiet in play-back annex soundmix-show fan eigen doarpsgenoaten (lyts en grut) yn oktober op priemmen.

3. Wy fine, dat der op dûnsjûnen te min dûnse wurdt.

As der belangstelling is, wolle wy jo graach yn'e gelegenheid stelle it te learen, bygel. 1 x yn'e fjirtjin dagen (moderne en klassike dûnsen).


Om ta organisaasje oer te gean moatte der fansels diel nimmers wêze.

Fine jo ek dat yn Tsjerkwert de dea yn'e pot-sit, help dan mei om ús doarpke nij libben yn te blazen.



Jou jo op foar aktiviteiten 2 en 3 by it bestjoer
foar 1 septimber:

Pier Zijssling, foarsitter, till. 2786
Sjoerd Gaastra, skriuwer, " 9517
Jehannes Huitema, skathâlder, till. 9287
Rients van Buren, " 9280
Bertus Walsma, " 2618
Akke Gietema-van Wieren, " 9112
Jan Dijkstra, " 9498



Jo hearre neiere berjochten yn it folgjende krantsje,
it bestjoer.

=====

BYDRAGEN BINNE KOMMEN FAN:

S. Poelstra - Piaam, B. Walsma - Ymswâlde,
O. Jorritsma - Twizel, J. Bakker - Jobbegea, Y. Gietema -
Warkum, W. Poelstra - Dedzjum.

Foar nije lêzers: Wy ha net in fêste abonnemintspriis,
jo bydrage is dus vrij en kin stoarten wurde op:
reknr. 3087.56.800 t.n.v. Rabobank Bolsward.
(sjoch ek pag. 1 fan dit krantsje)



IT BESTJOER FAN'E STICHTING
"IT WALTAHUS" FREGET FOAR HAR DOARPSHUS

IN

BEHEARDER (m/f)

PER 1 AUGUSTUS 1988

Ynljochtings binne te krijen by:
P. Zijsling, foars., Beabuorren 2,
Tsjerkwert, till. 2786.

Sollisitaasjes foar 1 july stjoere nei:
Sj. Gaastra, skriuwer, Hemdyk 7,
8765 PA Tsjerkwert.



De Sportraad Wünseradiel is voornemens om in 1988 een aantal (sport)aktiviteiten te organiseren, al dan niet in samenwerking met plaatselijke organisaties.

ZWEMMEN: Om het Kampioenschap van Wünseradiel.

Datum: Zaterdag 16 juli 1988 te Witmarsum.

Aanvang: 10.00 uur.

Aanmelding ten gemeentehuize (A. Nauta) of bij het zwembad tot en met 12 juli.

Diverse leeftijdsklassen.

Bedankt voor de meer dan honderd kaarten, die ik kreeg in het ziekenhuis en toen ik thuis was. Ook voor de bloemen, fruit en kadootjes en voor uw bezoek aan huis.

Bedankt, Ineke Haarsma.

BERJOCHTEN FAN DOARPSBELANG:

De tiid hâldt gjin skoft. Sa is 3 juny alwer ferline.
De offisjele iepening fan ús iisbaan en nije fytspaad
Tsjerkwert-Boalsert ha wy hân.

No wolle wy yn fügelflecht noch efkes werom sjen en be-
gjinne dan earst mei in stikje skiednis, wat it fytspaad
oanbelanget.

± 300 Jier ferlyn waard "De Trekdyk" as trekpaad brûkt.
De stêd Warkum wie de eigner aan-te-mei 3 juny 1988.

Oant dizze dei ta, mochten ky, skiep en hynders dêr dreauw
wurde. Hjirfoar moast betelle wurde. Dêrfoar hie men dan
tolhikken. "De lêste tolgeader" fan Tsjerkwert wie mei
de reuny-feesten Sjoerd Breeuwesma.

No't it trekpaad, fytspaad wurden is, is dat alles nei
± 300 jier foarby.

Fuotgongers en fytzers meie no it paad brûke.

Oanlieding ta it fûntstean fan dit fytspaad binne de
ruilferkaveling en de Profinsjale wei Sudergo dy't
tusken Marnesyl en de Warkumer mar in soart oerstek-
plakken (34) hat.

Fanwege it feit, dat in protte boeren mei harren lân oan
dizze wei ferbûn binne en dizze wei ek harren ûntslutting
is, hat de Profinsje wachtte op'e ruilferkaveling,
wêrtroch der yn ruilferkavelingsferbân minder krusingen
op'e Profinsjale wei komme sille (der bliuwe 4 oer).

Yn'e takomst wurdt de parallelwei Parregea - Boalsert
hjirtroch, mei al har ferkear, swierder belêst en dus ek
gefaarliker benammen foar de kwetsbere groep: de fytzers.
Foardat 'de ruilferkaveling' ta stimming oergie, moast
ien en oar regele wurde.

Feilichheid foar fytzers en fuotgongers stie ús foar
eagen. Dêrmei gyngen we op paad en kamen by ferskate
oerheidynstânsjes.

It resultaat hjirfan is west, dat "de trekdyk", fytspaad
waard.

Doarpsbelang, hat yn gearwurking mei de gemeente
Wünseradiel, fia in oprop oan har eigen ynwenners, frêge
om in namme foar it nije fytspaad.

Keazen is foar "De Trekdyk", betocht troch R. Speerstra.
De namme "Trekdyk", wie sa ynboargere, dat wy fûnen it

winsklik, dizze onoffisjele namme, no offisjeel te
meitsjen.

De iisbaan, deroer is fan alds op in soart gearkomsten
fan'e iisklub nei frêge, der moast in iisbaan komme.
Pealtsjes binne wol troch B. Volbeda yn'e wiette klaai
treoun, mar realisaasje bleau fût, oant-te-mei it stipe-
belied fan de Profinsje 'Kleine Kernen' hjir bekind
mei de namme Greidhoeke Sûd, berne waard en doarpsbelang
de prioriteiten fan ús doarp aan harren kenbaar makke.
Doe kaam der jild los en draaiden de kranen fan U.
Haarsma en kaam der beplanting fan "De Stobbe" fût Hichtum.
De iisklub koe in centrifugale pomp keapje en pleatste
in stek en sa wie de iisbaan dochs in feit wurden.
Doel: De bern, as de Trekfeart noch net fertrouwyt is,
reedride litte op'e iisbaan.

Doe wie it safier, dé iepening fan it nije fytspaad en
iisbaan op 3 juny 1988.

Mei in fraai sintsje en in stevich wyntsje fytsten
fjouwer pommeranten: boargemaster Abma, boargemaster
van der Meer, loco boargemaster M. van der Werf en dhr.
P. Noordmans op it nije fytspaad fanút Boalsert rjochting
Tsjerkwert.

Under muzykale beglieding fan 'Eensgezindheid' en in protte
publyk fytsten hja yn Tsjerkwert troch it lint en doe
wie it fytspaad offisjeel iepene.

Boargemaster makke d'rnei de namme fan it paad bekind:
De Trekdyk.

Under tasicht fan glut én lyts iepene boargemaster
Abma symbolysk de nije iisbaan. Hy die dat troch in maquette
makke troch A. Dam, fol te stoarten mei iisblokjes en
iislollies. De bern songen in feestlied en ha lekker fan
de iislollies smult.



In it Waltahûs ha ferskate sprekers de hiele gong fan saken oer de tastânkoming fan fytspaad en iisbaan cereide. Oan it ein fan dizze middei, waard oan'e iepeners in boekje jûn: "Klaverbladroute Tjerkwerd".

In gearwurking mei doarpsbelang, Artisjok en it Kalligrafisch atelier 'Stilus' fan Anne de Vries is dit boekje ta stân kommen.

In dit boekje stean 4 kuier- en 4 fytsroutes.

De 4 kuierroutes binne:

1. De trije doarpen route, troch Tsjerkwert, Dedzjum en Parregea.
2. De Hantsjemier-route, in agraryske route.
3. De Dijkgravenroute.
4. De stêd- en plattelân-route.

Alle routes duorre singefear twa oeren.

De 4 fytsroutes binne:

1. De museumroute.
2. De molen-route, ú.o. dy fan Beabuorren, Wytmarsum en Skettens.
3. De route van het bruine café. Sels Tjerkje Huitema op'e Klieuw is yn dizze route opnommen.
4. De keramiek-route.

Foar f 8,- kinne jo sels ek dit boekje mei in keramysk klaverbledsje fjouwer, karakterstyk foar al dizze kuier- en fytsroutes, keapje by Galerie Artisjok op tsiisdei oant-te-mei sneon fan 13.00 - 17.00 oere en yn'e moannen july/aug. fan 10.00 - 17.00 oere.

De routes binne stik foar stik de muoite wurdich.


Wy riede jo 'tige oan dit boekje mei de prachtige routes te keapjen.

Fierders wolle wy as doarpsbelang eltsenien, dy't op hokker wize ek meiwurke hat by de tarieding en op 3 juny, tige tank dêrfoar sizze!

Ta beslut noch wat oer de kursus Frysk yn 1988/89, organisearre troch de AFUK.

Foar dizze kursus ha harren no trije minsken opjûn. Twa foar de kursus: Leargong A en ien foar de kursus Fries voor niet Friestaligen.

Oft der noch guon binne, dy't har foar in kursus opjaan wolle, dan kin dat noch wol. Ha jo belangstelling dan kinne jo kontakt opnimme mei: Th. Dam-Ruiter, till. 9406.





Snein-te-jfn hiene 'Eensgezindheid' en 'ConSpirito' de de útsetter fan it muzyk- en sjongseizoen; in muzikale gearkomste yn'e tsjerke. Meielkoar waard der songen en musisearre.

Der wie in feestlik hichtepunt dizze jün; de útrikking fan "de lytse noardske balke" oan 'ConSpirito' (= in âld fryske muzykynstrument). It koar wist dizze priis 5 juny yn'e wacht te slepen op it priissjongan yn Ljouwert. Se waarden earste yn de 6fdieling AB.

Se lieten de winnende stikken 'Op'e swalk' en 'Witer noch as snie' snein nochris hearre.

Twa solisten dizze jün; Sytse Gietema liet ús genietsje fan 'O, Isis und Osiris' en Geartsje v.d. Wal soarge foar kipefel mei har fertolking fan 'Stay with me till the morning' út Young Amadeus.

Se waarden begelieden troch ús korps, dy't fierder 'Alleluja', 'Choral and Rock' en Lobe den Herrn' foar ús spilen.

It wie in noflike muzykjün.



Op deze manier willen wij een ieder bedanken, voor de manier waarop u op onze uitnodiging tijdens de open-dagen en daarna hebt gereageerd.

Voor de belangstelling, bloemen etc. bedankt.

Tevens staan wij elke dag voor u klaar van 9 - 18 uur en zaterdags van 9 - 17 uur. Kom eens langs!

Fam. Gietema, Exmorra-Tjerkwerd.

S N Y P S N A R E N:

- "In bútekånske", tochten Douwe en Ytsje. De buorlju stekke de dobbe oer en de flierbedekking past fêst krekt by ús yn'e keamer. Mar de oannimmer hie him net alhiel aan'e ófmjittingen holden. It draaide út op mij.
- Akke G. stie by Bloemkamp. Se snapte net dat de kaaien net op'e Sierra pasten. Der binne mear Sierra's, Akke...!
- Thea Huitema hat it fleanende drok. Se hat gjin tiid har tennisoefeningen te dwaan. Se oefent, sa't se seit, op it autostjoer. Doarpsgenoaten jim binne warskôge!
- By de trekkerbehindichheids-wedstriid wie Thys de âldste dielnimmer mei de âldste trekker.
- Hylke stie mei knoffelige hannen de underbroekjes fan syn froulju op te kniperjen. Alie P. fûn dat gjin manlju' swurk. Een goede buur is beter dan een verre vriend....
- Johanna. B. wie earst readbûnt, no is se swartbûnt.
- Lolle en Titia ha in nije hûn. Hy hjit Ora (et Labora) Lolle docht wat der oerbliwt.
- Us krantebesoargster fan'e Waltawei gyng lêsten mei de kranten ûnder de earm op'e racefyts der by lâns. De wyn spile op en it nijs wie foar de kikkerts. Nim de bedriuwsfyts; net moai, wol sa handich....
- Siepy en Binke waarden troch in swiere tongerslach tsjin de grûn smakt. Binke hie dit ek alris earder belibbe! Wy tinke no dat Binke oantrekkingsskracht hat.
- Boargerlike stân ekstra: Troud: Bernard en Cissy 32 jier.
" : Hylke en Ineke 21 jier.
- Lytse Trees v.d. Werf hie in namme ynstjoerd foar it nije fytpaad. Se hie tocht "fytpaad". En här namme stie op it buordsje.
- De doarpsfeesten binne op 22 en 23 july. Hâldt dizze data frijj!!
- Graach kopy foar 7 septimber.

